

De artikelbydragen yn dit nûmer binne fan:

Jarich Hoekstra, berne 1956 te Hitsum, studearre Noarsk en Frysk oan 'e Ryksuniversiteit Grins, wurke fan 1981 oant 1999 by de Fryske Akademy, earst as leksikograaf by it *Wurdboek fan de Fryske Taal* en sûnt 1987 as taalkundich ûndersiker. Promovearre yn 1997 te Grins op *The Syntax of Infinitives in Frisian*. Is sûnt 1999 heechlearaar Frysk oan 'e Christian-Albrechts-Universität te Kiel (Dútslân).

László Marác, berne 1960 te Utert, studearre Hongaarsk en Algemeine Taalwittenskippen oan 'e Ryksuniversiteit Grins, promovearre yn 1989 op *Asymmetries in Hungarian*, is sûnt 1992 as 'universitaire docent en coördinator European Policy (MA)' ferbûn oan 'e ôfdieling European Studies fan 'e Universiteit van Amsterdam.

Hinne Wagenaar, berne 1962 te Nijemardum, studearre Teology oan 'e Ryksuniversiteit Grins en oan it Union Theological Seminary te New York City. Wurke fan 1990-1998 as dûmny foar bûtenlânske studinten yn Nederlân. Dêrnei wie er dosint Afrikaanske teology en Vice-Dean oan it Presbyterian Theological Seminary yn Kumba (Kameroen). Yn 'e perioade 2002-2004 dosearre Wagenaar Missiology oan 'e Ryksuniversiteit Grins. Sûnt 2002 is er dûmny fan 'e Protestantske gemeente te Wurdum en gastdosint Afrikaanske teology oan it Hendrik Kraemer Instituut te Utert. Yn 'e simmer fan 2012 wurdt Wagenaar 'pionierpredikant' foar Missionair Werk fan de Protestantse Kerk in Nederland, de Stifting Nijkleaster en de Protestantske gemeente Westerwert te Jorwert.

(Basearre op fan 'e auteurs sels oanlevere ynformaasje.)

